

boppebou

BERNEBOEKEWIKE

By ús thús



Bêste kollega's,

Yn dit magazine fine jim in ferskaat oan aktiviteiten dy't oanslute by de lanlike Berneboekewike 2023. It tema dit jier:

By ús thús

Der stean trije Fryske boeken sintraal, foar elke bou in boek:

**ûnderbou: Buorman Brombear
middenbou: Abe en de Aardichman
boppebou: Lampke**

As earste fine jim in suggestje foar in iepeningsaktiviteit fan 'e Berneboekewike foar by jim op skoalle. En fia 'verhalend ontwerp' wurde ferskate taalaktiviteiten oanbean. Mei dizze aktiviteiten en boeken kinne jim it Frysk en meartaligens in plak by jim op skoalle jaan. Dit magazine en oanfoljende materialen kinne jim fine op:

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

In soad wille en in ynspirearjende groet,

Afûk: Tjitske van Dijk

Bibliotheek Drachten: Marije Remmelts

Cedin: Tjitske van Akker en Bert v/d Lijn

Fers: Janneke Straatsma

Lectoraat M&G NHLStenden: Klarinske de Roos, Anja Morsink, Liesbeth de Boer, Janke Singelsma en Jolanda Verhoef





YNHÂLDSOPJEFTE INHOUDSOPGAVE

Iepeningsaktiviteit Berneboekewike	side 4
Toanieltekst	side 5, 6
Fryske útlis	
1. 'Verhalend ontwerp' - eftergrûnynformaasje	side 7
2. In eigen ferhaal	side 8
3. Meartaligens - eftergrûnynformaasje	side 9
4. Start-episoade	side 10
5. Episoade 1	side 11,12, 13
6. Episoade 2	side 14, 15,
7. Episoade 3	side 16, 17
8. Episoade 4	side 18,19
9. Ofslutende episoade	side 19
Nederlandstalige uitleg	
1. 'Verhalend ontwerp' - achtergrondinformatie	blz 20
2. Een eigen verhaal	blz 21
3. Meertaligheid - achtergrondinformatie	blz 22
4. Start-episode	blz 23,
5. Episode 1	blz 24, 25, 26
6. Episode 2	blz 27, 28
7. Episode 3	blz 29, 30
8. Episode 4	blz 31, 32
9. Afsluitende episode	blz 32
Bijlage	
1. Brieven	side 33, 34, 35
2. Tekeningen	side 36, 37, 38, 39



IEPENING BERNEBOEKEWIKE

Mei in toanielstikje de Berneboekewike iepenje. Dat is altyd in sukses. Alle bern fan groep 1 o/m groep 8 komme by elkoar om te sjen hoe't learkrêften in brombear, in famke of jonkje spylje. Soad wille tawinske!

Ferhaalskets:

In ferteller nimt it publyk mei yn de boeken Buorman Brombear, Abe en de Aardichman en Lampke. De trije haadpersoanen komme elkoar tsjin by in bankje. Se reitsje mei-inoar oan 'e praat en it publyk leart se in bytsje kennen. Troch it petear komme wy derachter dat alle trije personaazjes yn in situaasje sitte dy't mei it tema fan de Berneboekewike te krijen hat: 'By ús thús'.

Personaazjes:

- Buorman Brombear – Bear hâldt derfan om allinne te wêzen. Der komme nije buorlju. Dêr fynt er neat oan. Hy wurdt der prottelich fan.
- Abe – Abe is krekt ferhuze en fynt dat hiel spannend. Hy is ferlegen.
- Lampke – Lampke wennet yn in fjoertoer mei har heit. Sy is in frij famke, selsstannich, dreamerich. Se makket hieltyd it bêste fan de situaasje dêr't sy yn telâne komt.
- Ferteller

Nedich:

- Boek: Buorman Brombear
- Boek: Abe en de Aardichman
- Boek: Lampke
- Kuorke of boadskiptas (foar Lampke)
- Stepke of lyts fytske of sokssawat (foar Abe)
- Pot huning en in pear earen op 'e kop (foar Brombear)

Setting:

Der stiet in bankje of in rychje stuollen op it poadium.



TOANIELTEKST

Sêne 1

(Ferteller komt op mei trije boeken yn 'e hannen.)

Ferteller: Hoi allegear! Sjoch ris wat ik by my ha? Trije boeken. Hiele ferskillende boeken. Mar dochs ha se allegear wat mei-elkoar te krijen. Hoe? No, litte wy ris yn 'e kunde komme mei de haadpersoanen. O, ik sjoch Lampke al oankommen. Lampke wennet yn in fjoertoer, yn in tiid dat der noch gjin elektrisiteit wie...

(Lampke komt fluch oanrinnen mei in kuorke of boadskiptas. Se giet midden op it bankje sitten. De ferteller giet nei de sydkant fan it poadium.)

Sêne 2

(Lampke suchtet eefkes djip, sy moat eefkes bykomme. Tsjin it publyk:)

Lampke: Poeh, hehe. Ik moat nei de winkel, mar earst even bekomme. Ik moat lúsjefer helje foar de fjoertoer. Ik wenje yn de fjoertoer mei ús heit. Ik moat him altyd helpe om it ljocht oan te stekken. Dat is hiel belangryk, want as it ljocht net oan is, dan witte de skippen net wêr't it lân is en dan komme sy yn gefaar! Ik mei it dus noait ferjitte! En no binne de lúsjefer op. Dus moat ik nije helje.

Sêne 3

(Bear komt oanrinnen. Hy prottelet yn himsels. Hy suchtet.)

Bear: Man man... einliks eefkes allinne! Eefkes rêst! *(Nei it publyk, soarchlik:)*

Binne hjir ek kninen? Fan dy brutale pluzige droktemakkers? Nee? Gelokkich mar, want dy binne dus krekt neist my te wenjen kommen. Ik ha totaal gjin rêst mear! Hielendal neat! En ik hie it altyd sa lekker, lekker allinne. Ik wurd hielendal gek fan dy kninen, dêrom bin ik mar eefkes te kuierjen gien. Eefkes lekker hielendal allinne. En dan kin ik no moai eefkes hielendal allinne op it bankje sitte, hearlik...! *(Draait him om nei it bankje en sjocht Lampke.)*

O, nee sis! Der sit al ien! Is der dan net ien plak dêr't ik eefkes allinne wêze kin?

Sêne 4

(Lampke hat nei Bear sitten te sjen en hat wol yn de gaten dat hy graach wat romte ha wol. Se skoot op, sadat Bear derby kin en winkt útnûgjend nei Bear. Bear komt tichterby en giet op it puntsje fan it bankje sitten, safier mooglik by Lampke wei. Hy bliuwt wat yn himsels protteljen.)

Sêne 5

(Abe komt op mei in stepke oan 'e kant dêr't Bear sit. Hy nûnderet wat yn himsels. As er it bankje mei Lampke en Bear sjocht, stoppet er en bliuwt op in ôfstantsje stean. Hy fertrout it net hielendal en doart der net by sitten te gear.)

Sêne 6

(De ferteller komt nei foaren.)

Ferteller: Hee sjoch, dat is Abe. Hy is krekt ferhuze. Syn heit en mem binne drok mei útpakken en ynrjochtsjen en Abe rint thús wat yn it paad. Abe is nochal ferlegen en alles is hjir nij. Hy freget him fan alles ôf: Wat is hjir allegear te dwaan? Binne de bern hjir wol aardich? Kin ik hjir wol nije freonen fine?

(Ferteller wer nei de sydkant.)



Sêne 7

(Lampke hat wol yn 'e gaten dat Abe net sa goed doart. Se besiket him op syn gemak te stellen troch freonlik nei him te swaaien.)

Lampke: Hoi! Wat hasto in moaie step! Dat is super handich sis, dy soe ik ek wol ha wolle. *(Abe komt skruten in bytsje tichterby. Hy giet mei in bôge om Bear hinne, nei de kant fan Lampke. Hy giet net sitten. Lampke giet fierder.)* Mei sa'n step bin ik folle flugger by de winkel. Ja, ik moat nei de winkel, ik moat lúsjefters helje foar de fjoertoer. Want ik wenje yn de fjoertoer. Wêr wennesto?

Sêne 8

(Bear is sa yn himsels dat er Abe net sjoen hat en hy tinkt dat Lampke tsjin him praat. Bear begjint te protteljen.)

Bear: No, ik wenne lekker allinne, mei net ien om my hinne, hearlik rêstich! Mar no binne dus dy kninen neist my te wenjen kommen. Dy droktemakkers... Ik ha gjin momint mear foar mysels. Grrr!

Lampke: Hielendal allinne? Ik wenje yn de fjoertoer, tegearre mei ús heit. Ik moat him helpe mei it ljocht fan de fjoertoer. Dat is hiel belangryk wurk! Ik soe net allinne wenje wolle, ik fyn it hiel fijn tegearre mei ús heit. *(Tsjin Abe.)* En do? Hoe wennesto?

Abe: Ik, ik wenje hjir noch mar krekt. Dêr... *(wiist yn de rjochting fan de sydkant fan it poadium)* Mei ús heit en mem. Ik, ik wit it noch net sa goed. Hoe't it yn it nije hûs is. En yn ús nije buert... Wy ha no wol in grutte tún. En in moaie skommel. *(sêft:)* Ik hoopje mar dat de bern hjir ek aardich binne... *(Alle trije sjogge se eefkes yn gedachten foar harren út.)*

Sêne 9

Lampke: *(Sjocht nei de loft en skrikt ynienen op.)* Oei jonges, sjoch ris nei de loft! Der komt in skip mei soere appels oan. Wat in donkere loft! Ik moat gau de lúsjefters helje, foardat dat minne waar hjir is! *(Tsjin Abe.)* Miskien kinsto ek better nei hûs ta gean.

Abe: *(Abe knikt en giet mei de step rjochting syn hûs)* Eh, ja, hoi! *(Lampke en Abe geane ôf, elk in oare kant út. Bear bliuwt noch eefkes sitten en sjocht nei de loft.)*

Bear: Soere appels? Soere appels? O, in donkere loft mei min waar... Hee, mar mei min waar bliuwe dy ferhopte kninen fêst wol yn harren hol! Dan kin ik moai in apeltaart bakke, sûnder dat sy my lestich falle. Hearlik! *(Bear giet ôf.)*

Sêne 10

(Ferteller komt op) **Ferteller:** Lekker rêstich allinne wenje, krekt ferhuze mei heit en mem, yn in fjoertoer mei heit: liket dat ek op hoe't it by jim thús is? *(evt.: By my thús... koarte persoanlike skets fan de ferteller).* Jim witte no wat mear oer de haadpersoanen fan de boeken. Sy ha jim no al wat ferteld oer hoe't it by harren thús is. En dat is ek it tema fan de Berneboekewike: 'By ús thús'. Yn de klasse geane jim dêr fierder mei oan 'e slach. *(Boek Buorman Brombear omheech hâlde.)* Wat is foar dy in fijn thús? *(Boek Abe en de Aardichman omheech hâlde.)* Wat soesto nedich hawwe om dy thús te fielen op in nij plak? *(Boek Lampke omheech hâlde.)* Op watfoar bysûnder plak soesto wenje wolle? In soad wille allegear!





'VERHALEND ONTWERP'

Dit jier binne taalaktiviteiten net allinnich keppele oan in tema en in Frysk boek mar ek oan in 'verhalend ontwerp'. It tema dit jier is 'By ús thús' en slút dermei oan by it lanlike tema fan de Berneboekewike. It Fryske boek foar de boppebou is Lampke.

By 'verhalend ontwerp' giet it om it ûndersykjend learen. Belangryk dêrby is dat in learkrêft rike taalgebrûkssituaasjes kreëarret mei spesifike taaldoelstellingen. It kreëarre probleem (it barren) nûget út om mei-inoar nei te tinken, te praten, te oerlizzen, te lêzen en te skriuwen. By in 'verhalend ontwerp' is in rike learomjouwing belangryk. Tink dêrby - neist it ynrjochtsjen fan it lokaal - ek oan it útnûgjen fan in ekspert yn de klasse of oan in ekskurzje.

By 'verhalend ontwerpen' wurdt der wurke mei episoades, elk mei in eigen doel:

1. Start-episoade. Doel: de yntroduksje fan de haadpersoan.
2. Episoade 1, 2, 3, ... Doel: it ûnder de oandacht bringen fan hieltyd wer in nij probleem, in kwestje. Kinne de bern in oplossing betinke? Yn in iepen petear, in dialoach, moatte de bern harren mieningen en ideeën ferwurdzje oan de hân fan ûndersykjende fragen as 'wat soe der no barre moatte ...' of 'hoe kinne wy... helpe om...'
3. Ofslutende episoade. Doel: ein goed al goed. It ferhaal rint goed ôf en de bern kinne de âlders útnûgje om it te fieren. Dêrby kinne se alles sjen litte of fertelle wat se makke en betocht ha.

Elke episoade start mei in barren, in probleem dat de bern nijsgjirrich makket, oan it tinken set en útnûget ta ûndersyk. Dêrby stean kaaifragen sintraal. Dat binne fragen dy't bern oan it tinken sette en dy't útdaagje om in oplossing foar in probleem te finen. It probleem kin oplost wurde troch ferskillende learaktiviteiten.





IN EIGEN FERHAAL

De haadpersoan yn dit ferheljend ûntwerp is de skriuwer Sybe Pennema, dy't spitigernôch net safolle boeken ferkeapet. Hy wol graach in nij boek skriuwe en wol dat goed oanpakke. De skriuwster Annet Schaap is in foarbyld foar him, want sy ferkeapet in soad boeken en hat sels in gouden griffel wûn. Hy freget oft de bern him helpe wolle troch sels allegear in ferhaal te skriuwen en him op dy wize te ynspirearjen. It boek Lampke tsjinnet as foarbyld om sels in nij ferhaal te betinken.

Yn dit ferheljend ûntwerp leare de bern hoe't in ferhaal opboud wurdt. Elke episoade begjint mei in brief dy't oanjout hokker part fan it ferhaal se mei oan de slach gean. De taalaktiviteiten binne derop rjochte om te ûndersykjen hoe't wurke wurdt oan de fjouwer eleminten fan in ferhaal. Dizze eleminten wurde de boustiennen neamd. Oan de ein fan elke episoade skriuwe de bern oan har eigen ferhaal.



Episoade 1 : boustien 1

De bern ûndersykje hoe't in skriuwer in haadfiguer, in moai plak en de motiven fan in haadfiguer betinke kin. Se skriuwe oan de ein fan de episoade it begjin fan harren ferhaal.




Episoade 2 : boustien 2

De bern ûntdekke dat der yn in boek altyd wat bart en dat alles net sûnder tsjinlach giet. Se ûndersykje hjirby hoe't lûden beskreaun wurde kinne. Se skriuwe it ferfolch fan harren ferhaal dêr't wat grizelichs, wat ings yn bart.



Episoade 3 : boustien 3

De bern ûndersykje hoe't it ferhaal fierder giet en ûntdekke dat in haadfiguer te meitsjen krije kin mei obstakels, dingen dy't tsjinwurkje, mar ek mei helpers. Dan ûndersykje se hoe't it ferhaal in ûnferwachte draai nimme kin troch in foarwerp. Se skriuwe oan de ein fan de episoade wer fierder oan harren ferhaal.



Episoade 4 : boustien 4

De bern ûndersykje hoe't in ferhaal ôfrinne kin. Hat de haadpersoan syn of har doel berikt? Of is der no in nij probleem ûntstien? It betinken fan in goed slot is in keunst dêr't oer neitocht wurde moat. Oan de ein fan de episoade skriuwe de bern it ferhaal ôf.



MEARTALIGENS

Yn projekten wêrby 't learlingen neitinke moatte en mei-inoar oerlizze moatte, hat meartaligens en it brûken fan de memmetaal (Frysk) in essinsjele mearwearde foar it learen. Op guon skoallen, lykas de trijetalige skoallen yn Fryslân, hat ek it Ingelsk in prominint plak yn de klasse.

Dochs sjogge wy dat yn projekten faak allinne it Nederlânsk brûkt wurdt en dat it Frysk (en it Ingelsk) amper oan bod komme. Ek sjogge we dat der net folle oandacht is foar de oare thústalen fan de bern. En dat wylst in goede behearsking fan de memmetaal (bgl. it Frysk) in posityf effekt hat op de ûntwikkeling fan de twadde taal (it Nederlânsk). Meartaligens hat boppedat in positive ynfloed op ûnder oaren it kognityf funksjonearjen en dêrneist wurde minsken dy't op iere leeftyd in twadde of tredde taal leare, hjir feardiger yn as minsken dy't dêr pas op lettere leeftyd mei starte.

Hokker taal der wannear brûkt wurdt yn it projekt, hinget fansels ûnder mear ôf fan de fyzje en it taalbelied fan de skoalle en fan de taaleftergrûn en it feardigensnivo fan learlingen en learkrêft. Nim dit foaral mei yn de tarieding fan it projekt en yn de ferskillende fazen. In rûntepetear kin bgl. yn it Frysk fierd wurde en in feestliet kin ek Ingelsktalich wêze. Kies by elke aktiviteit in taaldoel en in ynhâldsdoel.


Taaltips

- Praatsto sels gjin Frysk? Stimulearje bern just wól om Frysk te praten.
- Stimulearje de bern om de talen te ferlykjen: Pankoek? Dat is grappich: yn it Nederlânsk is it 'pannenkoek'. En 'kok' is yn it Frysk en Nederlânsk gelyk.
- Skeakelje in Frysktalige learling yn as coach, dy't sa no en dan in fraach of antwurd yn it Frysk of Nederlânsk oerset.
- Wurkje de bern yn groepkes? Soargje dan dat der sa mooglik in Fryske learling yn elk groepke sit.
- Is it Frysk foar guon noch dreech? Lit de bern in aktiviteit dan earst yn it Nederlânsk dwaan en set it dêrnei oer nei it Frysk.
- Meitsje as taalstipe in wurd fjild op it boerd.





START-EPISOADE



STAP 1 IT BARREN

De bern ûntfange in brief en it boek 'Lampke' fan skriuwer Sybe Pennema. Hy fertelt dat hy in boek skriuwe wol en dat Annet Schaap foar him in foarbyld is fan in goede skriuwster. Se hat de gouden griffel wûn. Hy ferwiist nei it filmke: <https://youtu.be/JIH3vE4dSoQ> dêr 't de echte gouden griffel op te sjen is. Sybe wol graach in super goed boek skriuwe om te besykjen ek in gouden griffel te winnen. Hy fertelt dat it ferhaal fan Lampke begjint mei in bysûndere haadpersoan en in bysûnder hûs. Hy freget de bern oft sy dit boek lêzen hawwe, wat se fan dit boek fine, en oft se witte wa't de haadpersoan is en wêr't dy wennet.

Gean mei de bern yn petear, sjoch stap 2.

MATERIAAL

-Brief 1 fan Sybe Pennema
-Boek 'Lampke'

STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean mei elkoar yn petear om te ûndersykjen hoe't se in antwurd jaan kinne op Sybe syn fragen:

- Wa ken it boek?
- Wa is de haadpersoan?
- Yn welk bysûnder hûs wennet de haadpersoan?



De bern komme mei ideeën. De learkrêft sjoert it petear sa dat se beslute om it boek goed te besjen en in stikje te lêzen.

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: FERHALEPRAAT

Gean mei de bern yn'e rûnte sitten. Besjoch it boek oer Lampke en lêse de titel. Lit de bern mei elkoar yn petear gean.


- Wa is de auteur?
- Wa de yllustrator?
- Yn welke taal is it skreaun?
- Wêr soe it boek oer gean?
- Watfoar soarte boek soe it wêze?
- Wêr spilet it him ôf en yn watfoar tiid?
- Wa soe de haadpersoan wêze?

Lêse side 8, 9 en 10 foar. Lit de bern mei elkoar yn petear gean.

- Wêr wennet Lampke?
- Wêrom is dat in bysûnder plak?
- Wat witst te fertellen oer Lampke?

Extra: Wa hat it boek al lêzen en/of ken de film? Wat fynst fan it ferhaal oer Lampke? Komt de film oerien mei it boek?

Sjoch ek op www.annetschaap.nl






EPISOADE 1-DE FJOERTOER



MATERIAAL

-In slúf mei kopyen fan tekening 1



STAP 1 BARREN

Der leit in slúf yn de klas mei kopyen fan tekening 1. Op de efterkant stiet skreaun:

Hierby wat ynspiraasje foar jim! In tekening fan Annet Schaap en in tip foar in filmke oer de skriuwster op youtube: 3 vragen aan Annet Schaap (<https://youtu.be/V4DQaGCedzc>).

Ik hoopje dat jim no ek in bysûndere haadpersoan betinke, dy't op in bysûnder plak wennet.

Groetnis, Sybe.

STAP 2: KAAIFRAGEN

De bern geane mei elkoar yn petear:

- Wa is dyn haadpersoan?
- Op hokker bysûnder plak wennet dy?
- Wat wol dyn haadpersoan dwaan of berikke?

De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurdt om de tekening ris goed te besjen mei help stap 3. Ek stap 4 en 5 jouwe ynspiraasje om oan de ein fan episoade 1 oan it eigen ferhaal te begjinnen.

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!



1.Ferwûnderje

Set de digitale ferhalefoto op it digiboerd en kopiearje de print foar elk groepke. Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.

2.Undersykje

Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze. Bygelyks de stien, it famke, de frou, it wetter, de loft, de toer, de flagge, it húske, de fisken yn it wetter of noch wat oars. Lit de bern út dat perspektyf wei fertelle mei help fan de ferbyldingsfragen: Hoe sjochst derút, wêr bist, wat tinkst, wat hearst, wat fielst, wat dochst?

Kinne de oaren fan it groepke riede wa of wat se binne?


Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze?

Eksperimintearje dermei.

3.Bepate yn'e grutte groep

Hasto yn it groepke út itselde perspektyf wei sprutsen?

Fielden, tochten, ensfh. jim itselde?





STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: LIT DY GEAN

Besjoch it fragmint fan Annet Schaap oer it betinken fan in personaazje: "Schrijftip van Annet Schaap: Hoe bedenk je personages?" (<https://www.youtube.com/watch?=hNFIEYkIDXE>).

1. Betink yn groepkes fan trije in personaazje foar jim eigen ferhaal. Dat dochst sa: Lit ien fan jim groepke langút op in stik behang lizze en tekenje mei stift de omtrek. Dit is de omtrek fan jim haadpersoan.

2. Gean op syk nei de antwurden op de fragen (sjoch hjirûnder). Tekenje en skriu de antwurden yn, op of om de figuer op it behang.

3. Skriu in koarte tekst yn it Frysk wêryn't de haadpersoan him- of harsels foarstelt (fan de ik-persoan út). Lês dit foar oan 'e klasse en lit jim haadpersoan sjen.

MATERIAAL

- Stik behang fan sa'n twa meter
- stiften
- de fragen op it digiboerd
- skriuwpapier

Hoe sjocht hy/sy derút?
Hoe âld is hy/sy?
Watfoar eigenskippen hat hy/sy?
Wat kin hy/sy goed en wat krekt net?
Wat fynt hy/sy leuk?
Watfoar frjemde trekjes hat hy/sy?
Watfoar geheim hat dyn personaazje?

STAP 5 TAALAKTIVITEIT 3: TAALRÛNTE

De bern jouwe in beskriuwing fan harren persoanlike bysûndere plak en komme ta in beskriuwing fan in bysûnder plak foar harren ferhaal.

1. Neam allegear om bar in bysûnder plak.
2. Beskriu as learkrêft in plak dat foar dy bysûnder is.
3. Freegje de bern: Wa hat ek in bysûnder plak? Beskriu hoe't dat bysûndere plakje derút sjocht. (Twa of trije learlingen meie fertelle oer harren bysûndere plak.)
4. Meitsje no allegear in listje mei skaaimerken fan it bysûndere plak yn dyn ferhaal datsto straks skriuwen giest.
5. Fertel yn twatallen mei help fan it listje oer dyn bysûndere plak.
6. Beskriu no op papier hoe't it bysûndere plak yn dyn ferhaal derút sjocht.

BOUSTIEN 1 : MYN EIGEN FERHAAL

Skriu it begjin fan dyn ferhaal mei help fan de earste boustien:

Fertel wa't de haadpersoan is, yn welk bysûnder hûs hy/sy wennet, wat hy/sy krekt wol en wat der oan de hân is.

TIP: Brûk alle ynformaasje út de taalaktiviteiten 1, 2 en 3. In bytsje feroarje mei fansels.



EKSTRA TAALAKTIVITEIT : FAK TAAL FORMULE

Taaldoel: Kin in ienfâldige presintaasje jaan

Ynhâldsdoel: Wit wat it doel fan in fjoertoer wie/is (wrâldoriïntaasje).

1. Ferdiel de learlingen yn trijetallen. Jou de bern ien minuut de tiid om safolle mooglik wurden op te skriuwen oer in fjoertoer (yn it algemien, doe en no).
2. Lit it groepke mei de measte wurden, harren listje foarlêze. Wa't itselde wurd hat, kin dit fuortstreekje. Wa hat noch in oanfolling?
3. Lit it filmke fan it Jeugdjournaal 'Moeten vuurtorens blijven bestaan?' sjen. <https://jeugdjournaal.nl/artikel/2257068-moeten-vuurtorens-blijven-bestaan>
4. De bern sille in muorrekrante meitsje yn lytse groepkes, oer in Fryske /Nederlânske fjoertoer. Elk groepke brûkt de basisynformaasje dy't sy oant no ta sammele hawwe en sy fergrutsje harren kennis troch mear ynformaasje op te sykjen. Elk groepke kiest dus in eigen fjoertoer. Op www.nederlandsevuurtorens.nl stiet in oersjoch.
5. De bern jouwe in koarte presintaasje (wêr mooglik, yn it Frysk).



Ik wol mear witte
oer fjoertuorren!



EPISOADE 2-LÛDEN YN IT SWARTE HÛS


STAP 1 BARREN

Der is in brief fan Tjitske van Dyk, dy't bliid is dat de bern Sybe Pennema helpe wolle. Se fertelt ûnder oaren datst as skriuwer net allinnich beskriuwst watst sjochst, mar ek watst hearst. Se skriuwt dat der yn in boek altyd wat bart, wat spannends of wat ings. Dat de haadfiguer obstakels tsjinkomt. Bygelyks Lampke komt yn in ing swart hûs mei neie lûden te wenjen.

TIP: Lês side 64 o/m 66 foar en 106 o/m 108.

TIP: Nûgje in skoalskriuwer yn 'e klasse út dy't Frysk praat en lit de bern in ynterview tariede oer hoe'tst in ferhaal spannend makkest, hoe'tst spanning opbouwe kinst, ensfh.

Mear ynformaasje: [Onze aanpak - De Schoolschrijver](#)



MATERIAAL

- Grutte slúf mei brief 2
- Tekening 2 op digiboerd of kopyen foar de groepkes



STAP 2: KAAIFRAGEN

De bern gean mei-elkoar yn petear: -Hoe kinne wy in ing hûs betinke en hokker aaklike lûden binne dêr?

De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurd om de tips fan Tjitske te folgjen.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!



1.Ferwûnderje

Set de tekening op it digiboerd of jou elk groepke in kopy hjirfan. Lit harren ien minút nei de tekening sjen sûnder mei-inoar te praten. Fertel dat se yn de tekening stappe om te ûndersykjen hokker grizelige dingen se sjogge en hokker grizelige lûden se hearre.

2.Undersykje

- Hokker grizelige dingen sjochst?
- Hokker grizelige lûden hearst?
- Wat fielst dêrby?

3.Beprate yn de grutte groep

Hawwe de bern deselde grizelige dingen sjoen en heard? Fielden, tochten, ensfh. se itselde dêrby?






WHAT DO YOU THINK?

STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: TINK DY TÛK

Gean yn in de rûnte sitten. Kies ien fan ûndersteande filosofyske fragen. Jou de learlingen tinktiid. Wat ha se betocht? Lit se op inoar reagearje. Freegje troch nei it argumint achter in antwurd. Bliuw net hingjen yn persoanlike antwurden. Jou sels gjin miening. Besef dat der gjin goed antwurd is. Is de keazen fraach genôch fan alle kanten besjoen, meitsje dan in gearfetting fan de antwurden en kies in oare filosofyske fraach. Filosofysk haadtema: Wat is grizelich? Lit de lûden út de brief hearre.

<https://freesound.org/people/ghaelen/sounds/336388/>

- Wannear binne dit grizelige lûden?
- Kinne alle lûden grizelich wêze?
- Is it goed om lûden grizelich te finen?
- Kinst foar dyn eigen lûd bang wêze?
- Fine bisten deselde lûden grizelich as minsken?
- Wat ha lûden te meitsjen mei thúsfielen?



MATERIAAL

-Geluidsfragment:
<https://freesound.org/people/ghaelen/sounds/336388/>



STAP 5 TAALAKTIVITEIT 3: DE INKTFLUENCER

De bern meitsje in klankgedicht.

Jim hawwe yn de foarige episoade in dreamplak en in haadpersoan makke. Hokker spannende lûden soest yn dyn hûs hearre kinne ? In lûd dêr't dyn haadpersoan bang fan wurdt, it dreech mei hat? It soe in foarfal wêze kinne dêr't jim haadpersoan it hiel dreech troch krijt (en hast oan ûndertroch giet...).

1. Meitsje in (spannend) lûd.
2. Watfoar spannende lûden hearre by it Swarte Hûs? Meitsje in listje mei spannende lûden (skriuwe).
3. Bepreat yn twatallen de spannende lûden. Watfoar lûden kinne der noch mear by?
4. Meitsje mei-inoar in klankgedicht fan de lûden (lûde lûden skriuwst grut, sêfte lûden lyts, kinst ek kleuren brûke).
5. Presintearje de klankgedichten.

BOUSTIEN 2 : MYN EIGEN FERHAAL


Skriuw it ferfolch fan dyn ferhaal mei help fan de twadde boustien: Der bart wat grizelichs! Dyn haadpersoan krijt it dreech. Der bart wat grizelichs, wat ings yn it ferhaal .

TIP: Brûk alle ynformaasje út de taalaktiviteiten 1, 2 en 3. Lês earst it begjin fan dyn ferhaal en skriuw of tekenje dan yn klad watfoar grizelichs of ings der yn dyn ferhaal bart. Skriuw of tekenje ek wat dyn haadpersoan sjocht, heart en fielt. Bist tefreden? Skriuw dan fierder oan dyn ferhaal...





EPISOADE 3 - IN ÛNFËRWACHTE DRAAI



STAP 1 BARREN

Der komt in brief fan Sybe Pennema en dy fertelt dat er entûsjast is oer wat de bern allegear betocht hawwe. Hy leit út dat elke haadpersoan aventoeren belibbet troch de tsjinwurking dy't er krijt, troch helpers en troch obstakels (bygelyks in doar dy't op slot sit). Hy fertelt ek dat in ferhaal op in bepaald stuit in draai krijt. Dy draai kin komme troch in foarwerp. Hokker foarwerp soarget foar in draai yn dyn ferhaal? By Lampke soargje in doaske lûsjefers foar in soad ellinde.

MATERIAAL

-Grutte slûf mei brief 3 en de kopyen fan tekening 3.

STAP 2: KAAIFRAGEN

De bern sille mei-inoar yn petear:
- Hokker foarwerp kin in draai jaan oan dyn ferhaal?



De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat se de tips fan Sybe folgje. Sjoch stap 3.

STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!



1. Ferwûnderje

Kopiearje de print foar elk groepke. Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.

2. Undersykje

- Lit de bern yn harren groepke om bar in ding neame dat op de print stiet.
- Lit harren mei- elkoar ien ding útsykje. Bygelyks it bêd, it skilderij, de badkûpe, it kleeed, de skimerlampe of noch wat oars.
- Lit de groepkes mei-inoar beprate hoe't it keazen ding in draai jaan kin oan in ferhaal. Byg. in badkûpe kin leechrinne, der kin ien yn ferdrinke, kinst dyn tean deroan stjitte, der kin wat ûnder lizze ensfh.
- Werhelje dit mei in oar foarwerp.

3. Beprate yn 'e grutte groep

Hokker foarwerpen binne keazen? Wat barde der mei dizze foarwerpen?





STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: LIT DY GEAN

In storyboard meitsje mei tekeningen fan sênes fan it ferhaal. Meitsje groepkes fan trije persoanen.

1. Lit elk groepke in foarwerp út de doaze kieze.

- Betink mei-elkoar watst allegear mei dit foarwerp dwaan kinst.

2. Lit de bern betinke hoe't it foarwerp in rol spilet yn it eigen ferhaal.

- Hoe kin dit foarwerp yn it ferhaal telâne komme?
- Hoe draacht dat by oan in ûnferwachte draai?
- Bepraat mei-inoar de trije ideeën en folje oan.


3. Lit de bern in storyboard meitsje.

Meitsje in storyboard yn 'e foarm fan in harmoanikaboekje mei seis siden. Tekenje op elke side in sênes, lit de lêste side (de ein) leech. Dizze side komt yn episoade 4 oan bod.

MATERIAAL

-Doaze of koer mei alderhande foarwerpen. Tink bygelyks oan in frjemde munt, in fûgelfear, in moaie stien, in stik glês ensfh.

-Stroken tekenpapier dy't yn seizen teard wurde kinne (harmonikaboekje).



Boustien 3 : Myn eigen ferhaal

Skriuw it ferfolch fan dyn ferhaal mei help fan de tredde boustien: In ûnferwachte draai. Der is in foarwerp yn dyn ferhaal dat derfoar soarget dat alle oars giet.

TIP: Brûk alle ynformaasje út de taalaktiviteiten 1 en 2. Lês earst it begjin en ferfolch. Pak it harmoanikaboekje derby en skriuw wat sinnen yn it klad. Hoe komt it foarwerp yn dyn ferhaal? Wat bart der mei it foarwerp? Hoe reagearret dyn haadpersoan? Wat bart der mei de haadpersoan?






EPISOADE 4 -HOE RINT IT ÔF?

STAP 1 BARREN

Der is in lêste brief fan skriuwer Sybe Pennema. Yn de brief wurdt yngien op it bouwen fan in ferhaal. De boustiennen dy't de bern hân hawwe wurde werhelje en der wurdt yn ferteld dat de bern no de lêste boustien krije: it skriuwen fan it slot. Sybe tanket de bern foar harren ynspiraasje. Syn writersblock is foarby. Hy hat nocht om oan in nij boek te begjinnen. Hy stimulearret de bern harren ferhalen te presintearjen.

TIP Lês side 328 o/m 330 foar.



MATERIAAL

-Grutte slúf mei brief 4 en de kopyen fan tekening 4

STAP 2: KAAIFRAGEN

De bern gean mei-elkoar yn petear:
-Hoe kin der in goed slot betocht wurde oan it ferhaal?

De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat se de tips fan Sybe folgje. Sjoch stap 3.



STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!



1.Ferwûnderje

Kopiearje de print foar elk groepke. Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de tekening besjen.

2.Undersykje

Undersykje de tekening mei-inoar en beantwurdzje om bar de folgjende fragen:

- As dizze tekening it ein fan in ferhaal is, wat soe dan it ferhaal wêze kinne?
- As dizze tekening it begjin is fan in nij probleem, wat soe dat dan wêze kinne?

3.Beprate yn de grutte groep

Hawwe de bern itselde ferhaal betocht? Of binne it hiel ferskillende ferhalen?

STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: TAALRÛNTE

De bern jouwe elkoar tips foar it ferbetterjen fan harren ferhaal en foar in moai slot.


- 1.Jou alle bern memobledsjes.
- 2.Lit se harren ferhaal op de eigen tafel dellizze. (bygelyks op papier of kompjûter).
- 3.Set de muzyk oan en lit de bern frij troch it lokaal rinne.
- 4.As de muzyk stoppet giet elk by de tafel sitten dêr't hy of sy it tichtste by stiet en lêst it ferhaal.
- 5.Lit de bern tips, tops en suggestjes foar in moai slot op de memo skriuwe en op de tafel plakke.
- 6.Werhelje dit trije of fjouwer kear sadat elke skriuwer genôch tips, tops en suggestjes krijt.
- 7.Besprek koart nei en lit in pear bern even foarlêze wat op de memo stiet.

TIP: Tink om de haadletters. Ik wit soms net wêr't nije sin begjint.

SLOT: Meitsje in slot datst net ferwachttest, bygelyks Wopke wint de priis!

TOP: Wat is dit ferhaal spannend! Knap datsto sa goed Frysk skriuwst.

SLOT: Betink in moaie slotsin.





Boustien 4 : Myn eigen ferhaal

Skriuw in moai ein oan dyn ferhaal mei help fan de fjirde boustien: It slot. Hat de haadpersoan syn doel berikt? Of is der no in nij probleem?

TIP: Brûk alle ynformaasje út de taalaktiviteiten 1 en 2. Lês earst it hiele ferhaal noch ris goed troch en besjoch de suggestjes op de memobledsjes. Komsto hijitroch op in nij idee? Skriuw of tekenje dit yn it harmoanikaboekje. Lês ris wat slotsinnen út boeken. Skriuw dêrnei sels in prachtich slot.

OFSLUTENDE EPISOADE: PRESINTAASJE

In boek

Bondelje de ferhalen en lit it yn in lytse oplage echt drukke.

Organisearje dêrnei in sinjear-sesje op skoalle.

Boekefeest

Organisearje in boekefeest en lit de skriuwers as de haadpersoan út harren ferhaal komme.

Praat mar Toaniel!

Meitsje in toanielstik fan it ferhaal en spylje dat út. In film derfan meitsje kin ek!

Boekpromoasje

Lit de bern in boekpromoasje hâlde foar in oare groep:

- titel
- illustraasjes
- begjin fan it ferhaal
- stikje foarlêze
- foar wa't it geskikt is

In ferhalejûn

Organisearje in ferhalejûn foar âlders, paken, beppen en oare belangstellenden. Lit de skriuwers harren ferhaal op dizze jûn foarlêze/fertelle.

Stopmotion

Meitsje in stopmotion-filmke fan it ferhaal
<https://youtu.be/8eZWJAJifrU>





'VERHALEND ONTWERP'

Dit jaar zijn taalactiviteiten niet alleen gekoppeld aan een thema en een Fries boek maar ook aan een 'verhalend ontwerp'. Het thema dit jaar is 'By ús thús' en sluit daarmee aan bij het landelijke thema van de Kinderboekenweek. Het Friese boek voor de bovenbouw is 'Lampke'.

Bij 'verhalend ontwerp' gaat het om het onderzoekend leren. Belangrijk daarbij is dat een leerkracht rijke taalgebruikssituaties creëert met specifieke taaldoelstellingen. Het gecreëerde probleem (de gebeurtenis) nodigt uit samen na te denken, te praten, te overleggen, te lezen en te schrijven. Bij een 'verhalend ontwerp' is een rijke leeromgeving belangrijk. Denk daarbij - naast het inrichten van het lokaal - ook aan het uitnodigen van een expert in de klas of aan een excursie.

Bij 'verhalend ontwerp' wordt er gewerkt met episodes, ieder met een eigen doel: 1. Start-episode. Doel: de introductie van de hoofdpersoon. De kinderen maken de hoofdpersoon vaak in het groot zodat die in de klas goed zichtbaar is.

